

Dorpscanon van Folsgeare


Tsjaerddyk 21



© Foto Atse Bruin

Tsjaerddyk 21

Op 15 jannewaris 1819 sitte Fonger Klases Ringnalda en syn frou Jischjen Freerks Plantinga by de tafel om te oerlizzen oer harren takomstich wenplak. Hja wenje op Gerbada state oan de Tsjerkebuorren 44 yn Easterwierrum, mar de state wurdt sloopt en sil ferfongen wurde troch in nije pleats. Fonger Klases wol bliuwe, mar syn frou wol graach werom nei de omkriten fan Abbegea, dêr't har famylje wennet. Hja hat in oplossing foar al syn beswieren en breidet har riddenaasje ôf mei it fersyk oan har man om de oare deis nei Snits ta te gean. Douwe Jeljers Douma hat in buorkerij te keap oan de Tsjaerddyk (21) ûnder it doarpke Folsgeare. Hja freget Fonger Klases om dy ris te besjen.




Fonger Klases is net ûntefreden oer de buorkerij yn Folsgeare. It hûs mei skuorre is rom en mei de oanboude skuorre der by is der romte genôch.

Kadaster kaart 1832

Tsjaerddyk 21

Fan de Tsjærddyk ôf sjocht hy yn de fierte de tsjerketoer fan Abbegea. Fia de ‘Gelderse weg’ troch it Marlân nei de Rige, dêrnei trochrinnend nei de Abbegeasterketting, kin syn frou yn in oere nei Abbegea rinne. Hy is boer en in man fan in bytsje wurden. Hy wit dat dit is wat syn frou wol. Fonger begjint mei Douwe Jelgers Douma te ûnderhanneljen. Hja komme der gau út en ein jannewaris 1819 wenje Fonger Klases en Jischjen Freerks mei harren bern Rinske 21, Klaas 19, Freerk 16, Jan 15, Marten 7 yn Folsgeare.



kaartsje Eekhoff

Yn 1836 lizze wille en leed ticht by elkoar. Pake Fonger ferstjert op 71 jierrige leeftyd yn Abbegea. Yn Tsjerkwert wurdt yn itselde jier Fonger Klases Ringnalda berne, soan fan Klaas Fongers Ringnalda en Klaaske Pieters Bruinsma.

Fonger Klases junior komt letter by syn omke Freerk op de buorkerij. Hja buorkje goed, mar it ûnderhâld oan it hûs en de skuorre kin gjin sprekken lije.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 21

Op 20 desimber 1870 dogge Jorrit van der Meer, bouboer út Nijlân, en Hessel Boschma út Folsgeare, oanjêfte fan it ferstjerren fan Freerk Fongers Ringalda.

De erfgenamen sette de buorkerij en it lân te keap. It lân wurdt troch meardere boeren oankocht. De buorkerij, dy't bestiet út " Eene huizing met schuur, varkenshok, hieming , hoving en boomen", wurdt troch Pieter Douwes Douma út Nijlân kocht.



kaartsje Netteplan

Pieter Douwes lit de skuorre en it bargehok efter it hûs slope. Hy ferbout it foarhûs ta in eastlike en in westlike wenning. De 'pôle' efter it hûs wurdt ek yn in eastlike en westlike helte ferdield troch in stek.



foto Wytske Heida

Der steane beammen om it hiem efter it hûs hinne. Hjir stie destiids de skuorre.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 21

Pieter Douwes Douma ferkeapet de dûbele wente troch oan Pieter Rudolphus Wierda út Easthim. Nei syn houlik mei syn dochter Yeb Pieters Douma yn 1871 buorket hy yn Nijlân. Pieter Wierda ferstjert yn 1896 op 47 jierrige leeftyd.

Nei it boelpartsjen wurdt syn frou Yeb yn 1899 eigner fan it pân. Hja giet fuort út Nijlân en wennet tenei yn ien fan de beide wenningen oan de Tsjaerddyk. It hûs dernêst en it byhearrende stikje lân wurde ferhierd oan Jan Stienstra. De wenningen ha ûnderwilens rjocht fan opslach krigen op perseel 432 fan Hessel Nettinga, dy't oan de oare kant fan'e Tsjaerddyk op it 'reidpôltsje' wennet.

Yn 1917 freget Yeb Bouma oan Feike Jans Boschma oft er har helpe wol om it pân en it kampke lân foar har te ferkeapjen. Hy is keapman en hjir de geskikte man foar. Feike regelet de ferkeap mei notaris Dirk Feitsma út Boalsert. Op 12 febrewaris 1917 is de profesjonele ferkeap yn kafee Oosterhout yn Nijlân.

Der binne in pear bidders, mar it hâldt net oer. Oan'e ein fan'e middei is Tjerk Hanzes Terpstra yn earsten eigner wurden fan beide perselen foar in bedrach fan fl. 3014, -

De finale ferkeap is op 26 febrewaris. Hinne Zijlstra út Lytsewierrum komt dan ek om mei te bieden. Hy ferheget it bod nei fl. 3334, - en wurdt de nije eigner. Hinne is dan noch frijfeint, mar syn troudatum, 16 maaie, komt gau tichterby. Nei syn houlik mei Trijntje de Boer wennet it pear yn it hûs fan Yeb Douma.

Hoe of wat bliuwt in riedsel, mar Hinne en Trijntje wenje net lang oan de Tsjaerddyk. Oardeljier letter, yn septimber 1918, wurdt Tjerk Hanzes Terpstra, molkrider út Nijlân, dochts noch foar fl. 4400, - de nije eigner. Dat binnen oardeljier makket Hinne fl. 1100 winst en Tjerk ferliest ditselde bedrach. In soad jild foar in molkrider. Tsjerk wurdt letter arbeider by Uiltje Attema, dy't boer is op Easthimmerwei 21. Hy ferhiert de oare helte fan de wenning oan Otto Koopmans. Wannear't Otto Koopmans ferhuze is, wurde de beide wenningen wer gearfoege.

Tjerk Terpstra wennet 34 jier op Tsjaerddyk 21 (oant 1952). Hy ferkeapet de wenning dan oan Petrus en Yfke Wiersma. Nei 11 jier ferkeapet Petrus Wiersma it pân op syn beurt yn 1963 oan Gerben en Sjoukje de Boer. Hja komme fan de buorkerij op Tsjaerddyk 27. Harren dochter Deliane is troud mei Hantje Speerstra en hja nimme it boerebedriuw oer.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 21

As Gerben de Boer yn 1973 ferstjert, is Hantje al slim siik. De húshâlding lûkt yn by widdofrou Sjoukje de Boer-Zijlstra. Hantje Speerstra ferstjert yn july 1974 en Deliane (Deli) wennet mei har bern by har mem oant 1987. Yn dat jier ferhuzet Deliane mei har dochter Sjoukje nei in nijbouwente op it Ekersein.

Deliane har soan Gerben Speerstra, troud mei Antje Breeuwsma, wennet noch op de Tsjaerddyk. Troch sykte fan Gerben kinne se dêr net lang bliuwe en yn novimber 1993 geane se nei in oanpaste wenning oan de Easthimmerwei. It hûs oan de Tsjaerddyk wurdt kocht troch de famylje Jillings, dy't der oant hjoed de dei nei alle tefredenheid wennet.



foto Atse bruin

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, Wytske Heida

Kaartsjes: Kadaster, Eekhoff, Netteplan

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.